




It foarriedige ûntwerp fan it Wrâldergoedsintrum. Yllustraasje: arsjitektebuero Dorte Mandrup



“DER IS NOCH NEA IN LÂN OER DE KOP GIEN TROCH MIGRAASJE”

DE NIJE yn petear mei Jouke van Dijk

Oanlieding ta dit petear wie it ‘Deltaplan voor het Noorden’, it plan fan it regear om in spoarline oan te lizzen fan Lelystêd fia Emmeloard, It Hearrenfean en Drachten nei Grins. Der wurdt ek praat oer 45.000 ekstra wenten yn Fryslân. Prof. dr. Jouke van Dijk hâldt him al jierren dwaande mei ekonomyske geografy, arbeidsmerk, romtlike oardering, en demografy.



Wynmûnen by de Ofslútdyk

Stel dat der yn Fryslân 45.000 wenten komme mei al dy minsken. Dy moatte ek wurk fine.

Dy minsken komme net samar en men kin tsjintwurdich op ôfstân ek fan alles dwaan. As minsken mar twa dagen op it wurkplak hoege te wêzen is it gjin probleem. Ik haw sels mear banen op ferskillende plakken hân. Ik wie direkteur fan de Waadakademy yn Ljouwert dêr't ik twa dagen wurke en trije dagen oan de universiteit en ek noch in lyts baantsje yn Brussel, mar ik hoegde net altyd op it wurkplak te wêzen.

Der wenje yn it súdwesten fan Fryslân in soad zypers. Dy ride maklik nei Amsterdam of Utrecht of se stappe yn Lelystêd op 'e trein. It wurdt al-legearre folle fleksibeler. No binne 45.000 wenten wol aardich wat, mar as dat wat kreas ynpast wurdt, moat dat kinne. En de Lelyline jout minsken nije mooglikheden.

Wat is der tsjin op dat plan?

In soad minsken dy't der tsjin stegerje, tinke dat it dan mei harren rêst dien is. Der wenje no 1,7 miljoen minsken yn it noarden. Mei it Deltaplan geane wy dan nei 2 miljoen, in oanwaaks fan 15 persint. Dat falt ta. Der komt by dat der ek foar de minsken yn Fryslân huzen

boud wurde moatte. Dat sil net tafalle, omdat der gjin boufakkers binne. Minsken geane út de Rânestêd wei, earst nei Alkmaar, Apeldoorn en Zwolle, mar no geane se fierder. Ofstân wurdt minder wichtich. Der moatte wol goede arguminten brûkt wurde. It is fansels apart dat der net in trein rint fan Grins nei Drachten en fierder. Dêr wurdt al fan 1992 ôf oer praat yn it rapport de DAG-trijehoek (Drachten, Assen, Groningen).

De finansiering fan de Lelyline is ek hieltyd yn diskusje. Ik haw der in ienfâldige redenaasje oer. It gas hat 450 miljard opsmitten en hjir wennet tsien persint fan de befolking. Dan soe ik sizze 45 miljard foar ús en dan hawwe wy der ek noch de ellinde fan hân, dus meie wy noch wol wat mear hawwe as dat wy fan dy grutte opbringst krigen, noch gjin tsien miljard. De minsken yn Grinslân fiele har bedondere. De kearn fan it probleem is dat wy gjin betrouwen mear yn inoar hawwe. Alles moat fêstlein wurde. Yn de soarch hawwe we gjin minsken. Dy burokrasy is funest. Fan de oare kant: it falt ek net ta om it goed te dwaan.

Ik sit bot yn oer de minsken dy't net meikomme kinne, bygelyks de oardel miljoen letterswakken. Mar wy soene

just wurdearring hawwe moatte foar sokke minsken, want se kinne wol wat. Wy hawwe hjir no yn Grins in 'projekt basisbanen'. Dat giet om minsken dy't in bystânsútkearing hawwe en dy wurde gewoan ynset foar nuttich wurk.

De boeren hawwe it idee "Zonder ons geen voedsel", mar as 80 persint fan de boeren ferdwoynt, produsearje se noch genôch foar eigen lân

Is Nederlân net hast fol? Hawwe wy net te folle kij, te folle bargaen, te folle hinnen en te folle minsken?

Wêrom hawwe wy safolle bargaen en kij? Omdat it in ekonomysk rendabel eksportprodukt is. Wy hawwe in fantastyske lânbousektor, effisjint; ek miljeutechnysk dogge we it goed yn ferliking mei oare lannen. Iten produsearje wy hjir tige goed. As se dat yn oare

lannen dwaan moatte, komt der mear stikstof by frij. Mar it probleem is dat wy wol in hiel soad kilo's produsearje, benammen foar de eksport. De boeren hawwe it idee "Zonder ons geen voedsel", mar as 80 persint fan de boeren ferdwynt, wurdt der noch genôch foar ús eigen lân produsearre. Wat dy stikstof oangiet, dat spilet benammen op plakken mei natuer. Yn de Flevopolder hawwe se der folle minder lêst fan.

Binne der gjin grinzen oan de groei?
Keynes hold yn 1930 in lêzing. Oer

hûndert jier binne wy fjouwer oant seis kear sa ryk en is ús grutste swierrichheid: hoe komme wy ús frije tiid troch, want dan is der noch maksimaal wurk foar 15 oere yn 'e wike. Wy hawwe no in grutte produksje, mar der binne ek mear minsken. Minsken fine fan alles út. Der is in soad ynnovaasje om swierrichheden op te lossen. Fansels moatte wy wat dwaan, mar ik haw betrouwen yn de takomst.

Om werom te kommen op migraasje. Nimme dy migranten net ús huzen en

banen yn? Der binne no al net wenten genoch foar ús eigen minsken. Hoe moat dat fierder?

Der is wurk genôch. Wy hawwe te krijen mei fergrizing. Der is aanst mar in beheinde groep dy't alles op poaten hâlde moat. Ik tink dat wy dêrom 'arbeidsmigranten' nedich hawwe, want oars hawwe wy net genôch minsken. No binne de migranten net de domsten. Wrâldwiid is der in soad stúdzje dien nei migraasje en alle lannen mei in soad migranten dogge it better: Amearika, Kanada, Australië. Dat hie nea wat wurden as der gjin migranten kommen wiene. Lannen dêr't minsken weigeane, dogge it dúdlik minder. Der is noch nea in lân oer de kop gien troch migranten. De FNP is tsjin dy Lelyline mei it idee: no krije wy hjir aanst al dy westerlingen dy't yn doarpsbelangen sitten geane en foar master opslane, gjin Frysk fersteane en as der in boerekarre mei stront lâns giet, roppe dat it hjir stjonkt. Troch de krimp binne der yn noardeastlik Fryslân huzen opkocht, bygelyks yn Holwert en Peazens-Moddergat. Der is gjin hûs mear te keap. 'Holvert aan zee' is der noch net.

Dat 'Holvert aan zee' is bedoeld foar toerisme. Is toerisme in groeipotinsjeel foar it noarden?

Ja, ik tink ien fan de pear mooglikheden. Der binne op it stuit sa'n 10.000 fakatueres en ek 10.000 wurkleazen. De NS hat gjin masinisten, om mar in foarbyld te neamen. Mar ast yn Fryslân sjochst hoefolle minsken oft oan 'e kant steane, dat binne 45.000 en 10.000 yn de WW. Yn it noardeasten fan Fryslân kinst moai fytse. Der is dus plak foar toerisme en dat kin in soad banen opsmite. Guon minsken binne benaud dat der hûnderttûzen Sinezen komme, mar dat falt wol wat ta. Toerisme is in *booming business*. Binnen in straal fan in heale dei riden wenje 25 miljoen minsken, sa tusken Brussel en it Ruhrgebiet. Se

Oer Van Dijk sels

Ik bin berne yn Holwert. Dêr siet ik op de legere skoalle en as de famkes 'nuttige handwerken' hiene, moast ik de jonges foarlêze út Fryske boeken, mar Frysk skriuwen learden wy net. Op de middelbere skoalle yn Dokkum bin ik in jier sitten bleaun, want ik hie te folle oare ynteresses. Dêrnei woe ik studearje. Ierdrykskunde en skiednis wie ik goed yn, mar learaar wurde hie ik gjin nocht oan, want ik wie wol klear mei dy skoalle. Doe haw ik foar ekonomy keazen, want ús heit wie in middenstanner, dy hie in gas- en oaljehannel. Nei myn stúdzje haw ik my spesjalisearre yn 'regionale en arbeidseconomy'; makro-ekonomy fûn ik net sa nijsgjirrich. Doe kaam der in promoasjeplak en koe ik fjouwer jier ûndersyk dwaan. Ik bin promovearre op 'migraasje en arbeidsmerk'. Der hat yn de santiger jierren in perioade west dat minsken just nei it noarden ta giene yn stee fan oarsom en doe wie it sizzen 'no komme de Hollanners om ús banen yn te pikken'. Dêr haw ik nei sjoen, mar de konklúzje fan myn ûndersyk wie dat der yn it noarden gjin minsken te finen wiene foar de banen dêr't se minsken foar

sochten. Wiene se net kommen, dan wiene der banen ferdwûn. Uteinlik pakte it goed út. Yn it earstoan haw ik by ekonomy wurke, mar letter bin ik oergien nei romtlike wittenskippen lykas ekonomyske geografy, arbeidsmerk en demografy. Dêr is it nijsgjirrich by dat banen de minsken folgje, faak earder as oarsom. Minsken nimme banen mei. In soad minsken giene út de Rânestêd wei, bygelyks nei Apeldoorn en omkriten. Foar in part namen sokke minsken harren banen mei, want in soad bedriuwen hawwe fêstgingen op mear plakken.



moatte yn it noarden mear gearwurkje en it as in kombinaasje fan natuer en kultuer 'ferkeapje'. In soad minsken geane no bygelyks nei twa musea yn Ljouwert en Grins. Dêr moat mear op ynset wurde. It takomstige 'Werelderfgoedcentrum' yn Lauwerseach sil ek grif minsken lûke.

Hoe komt it yn dat ferbân mei dat plan fan 'Holwert oan see'?

Dat gat yn dy dyk mei in kanaal nei de Holwerter feart, dat is gjin goed idee. Holwert leit ûngeunstich. It farwetter nei it Amelân slikt hieltyd ticht en der moat oanienwei baggere wurde. Der hat goed hûndert jier lyn fan Holwert nei it Amelân in dyk west. Dat wie gjin sukses, mar it jout wol oan dat der mar in bytsje streaming yn it wetter sit. It wetter komt te min oan Holwert ta. Sa'n kanaal moat dus hiel djip en ek dat slikt ticht. Se kinne har mei sa'n plan wol ryk rekkenje, mar de trochsneed boatsjeman hat de potten nûtsjesmoar foar yn 'e boat. Sokken is neat oan te fertsjinjen. Se doare ek net op de Waadsee, dat fine se te gefaarlik. Sjoch mar by De Skâns (Oostmahorn). Dêr sit wol in gat yn de dyk, mar der bart net in soad. In bettere mooglikheid is om

oan de binnenkant fan de dyk in mar mei sâlt wetter en rekreaasjewenten te meitsjen. Dêr is toerisme mei te stimulearjen foar minsken dy't mei de auto of mei de fyts komme en it kombinearje mei in besite oan it Amelân of oan Ljouwert.

Neist it toerisme kin it noarden miskien in bydrage leverje oan de enerzjytransysje.

Dat kin goed. It moat komme fan wynmûnen en sinnepanielen, mar dy moatte in goed plak hawwe. Op see kin fansels in hiel soad. Se moatte it lânskip net ferpeste. Der wurdt no oer tocht om sinnepanielen yn it asfalt te lizzen. Kearnenerzjy is in oare oplossing. Wetterstof is gaadlik foar grutte bedriuwen en yn de takomst foar fleantugen, mar net foar auto's of huzen.

Der is in soad krityk op fleanen, mar de ynfrastuktuer dêrfoar is yn wêzen ienfâldich.

Der slyt ûnderweis neat. By in elektryske auto komt de grutste miljeuskea fan de bannen.

Dan in lêste fraach: Hoe komt it mei it Frysk hjir oan de RUG? Wêrom moat Frisistyk bliuwe?

As se dat yn Fryslân wichtich fine, dan moatte se der jild foar jaan fan sawol de provinsje as it ryk, want it Frysk is offisjeel de twadde rykstaal. It giet ek net om in soad jild. De earste fraach is, wêrom wolle se it Frysk yn stân hâlde? Hjir op de universiteit giet alles yn it Ingelsk. Wy prate op gearkomsten al wol tolve jier yn it Ingelsk. De ynternasjonale wittenskip is Ingelsk. Wy hawwe te krijen mei globalisearring. Wurde der mear easken oan de taalfeardigens fan minsken steld, dan komme se miskien net. As minsken trochgean wolle om mei-inoar Frysk te praten, moat dat kinne en dan moat dat fasilitearre wurde. Mar net alles kin twatalich. Ik kin goed Frysk lêze, mar ik kin it net skriuwe, mar ik kin ek net swimme. En beide kin ik bêst sûnder.



Untwerp wrâlderfgoed

DE NIJSE

FOLKJE KOSTER

**"ALDEBERKEAP,
DOARP FAN
DE GEITEFOK"**

10

ABE DE VRIES

"TANKEWOL POETIN"

15

GOFFE JENSMA

**"FERTOARKE STUDINTEN
BLOEIDEN BY
ÚS WER OPI!"**

50

jiergong 4, nûmer 4

€4,95



BP 8 710966 016619